

Examen VMBO-GL en TL

2018

tijdvak 1
vrijdag 25 mei
9.00 - 11.00 uur

Fries CSE GL en TL

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 41 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 46 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Tekst 1 Grutte Pier ferbynt de wrâld

- 1p 1 Wat is de funksje fan de ynlieding boppe de tekst?
De skriuwer wol de oandacht fan de lêzer lûke mei
A it fertellen fan in grappige anekdoate.
B it formulearjen fan syn stânpunt.
C it jaan fan in gearfetting foarôf.
D it neamen fan de oanlieding.
- 1p 2 Wat is de relaasje tusken de ynlieding en de earste sin fan alinea 1?
A argumint - konklúzje
B doel - middel
C oarsaak - gefolch
D útspraak - foarbyld
- 1p 3 Hokker funksje hat alinea 1?
A Alinea 1 leit út dat it wichtich wie dat der in soad reaksjes kamen.
B Alinea 1 lit sjen hoe populêr oft Grutte Pier noch altyd is.
C Alinea 1 sketst in byld fan de reaksjes oan it ûndersyksteam.
D Alinea 1 tsjut oan dat net elkenien it ûndersyk serieus naam.
- 1p 4 Yn alinea 1 wurdt oanjûn dat minsken faak in stambeam stjoere as genealogyske ynformaasje foar it ûndersyksteam.
→ Neam it werd út alinea 2 dat in dokumint mei in ferlykbere funksje oantsjut.
- 2p 5 Wêrtroch koste it neffens alinea 2 safolle tiid om út te sykjen oft minsken famylje binne fan Grutte Pier?
Neam de twa oarsaken.
- De volgende inleiding hoort bij de vragen 6 en 7.
“By it ûndersyk stiet soarchfâldigens foarop.” (rigels 44-46)
Yn alinea 3 leit de skriuwer út hoe’t it kin dat der dochs flaters makke binne.*
- 1p 6 Hokker siswize brûkt de skriuwer om dat oan te jaan?
- 1p 7 Wat is de reden dat der dochs flaters makke binne?
A Alde sibskipslinen kinne net altyd mei wissichheid fêststeld wurde.
B Der binne saken oer de holle sjoen troch it grutte tal oanmeldingen.
C Guon âlde gegevens oer sibskipslinen binne al lang lyn ferlerngien.
D It team mocht op basis fan de sibskipslinen gjin DNA-ûndersyk útfiere.

- 1p 8 Wat is de kearnsin fan alinea 4?
- A "De reaksjes ... altyd is." (rigels 59-63)
 - B "In oare ... Grutte Pier." (rigels 68-70)
 - C "Yn oare ... ferteld wurde." (rigels 74-76)
 - D "Soms liedt ... in lookalikekompetysje." (rigels 79-81)
- 2p 9 Yn alinea 4 wurde redenen neamd dy't minsken jouwe by it oanfreegjen fan in Pierbewiis. Dat binne net allinne de uterlike oerienkomsten.
→ Neam twa oare redenen.
- 1p 10 Wat wurdt dien yn de lêste alinea?
- A Der wurdt in konklúzje formulearre.
 - B Der wurdt in oprop oan de lêzer dien.
 - C Der wurdt nei de takomst sjoen.
 - D Der wurdt noch wat nije ynformaasje jûn.
- 1p 11 Wat binne de doelen fan de tekst?
- A ferdivedearje en ynformearje
 - B ynformearje en oertsjûgje
 - C oertsjûgje en ferdivedearje
- 1p 12 Wêr wurdt op doeld mei de titel van de tekst, 'Grutte Pier ferbynt de wrâld'?
- A BN'ers likegoed as 'gewoane' minsken binne tige entûsjast oer it projekt.
 - B Len fan de doelen fan it projekt is dat Grutte Pier mear bekendheid krijt yn it bûtenlân.
 - C In protte minsken yn binnen- en bûtenlân tinke famylje fan Grutte Pier te wêzen.
 - D Troch in spesjale facebookside binne leden fan de Pier-famylje mei in-oar yn kontakt kommen.

Tekst 2 Ik wol it hiele bern hawwe

- 1p 13 Wat is de funksje fan de ynlieding boppe de tekst?
De skriuwer wol de oandacht fan de lêzer lûke mei
- A it fertellen fan in grappich ferhaaltsje.
 - B it formulearjen fan in stânspunt.
 - C it yntrodusearjen fan in persoan.
 - D it jaan fan in konklúzje foarôf.
- 1p 14 "Sy skriuwt graach boeken oer ûnderwerpen dy't derta dogge foar de jonge lêzer." (rigels 6-9)
→ Neam de twa foarbylden fan ûnderwerpen dy't neamd wurde.

- 1p **15** Hokker ferbân is der tusken de tekstparten “*Trettjin dagen ... ûndersykje litten.*” (rigels 12-21) en “Hanneke de Jong ... foar wie.” (rigels 22-29)?
A It is in ferlykjend ferbân.
B It is in opsomjend ferbân.
C It is in tsjinstellend ferbân.
D It is in útlizzend ferbân.
- 2p **16** Ut alinea 2 docht blikken dat Hanneke de Jong likegoed as haadpersoan Marike út har boek ympulsyf is.
→ Jou foar allebeide in foarbyld út alinea 2.
- 1p **17** Wat is it doel fan de stichting ‘De Schoolschrijver’?
- 1p **18** “nei fjouwer jier woe ‘De schoolschrijver’ de wjukken útslaan nei oare kontreien.” (rigels 49-52)
Wat wurdt dêrmei bedoeld?
A De stichting woe gruttere fariaasje yn literatuer.
B De stichting woe mear trainingen oanbiede.
C De stichting woe nije skriuwers behelje.
D De stichting woe útwreidzje nei oare plakken ta.
- 1p **19** Wat is it ferbân tusken de tekstparten “ik hâld ... feiten bliuwe.” (rigels 64-67) en “In kwestje ... de harsens.” (rigels 67-69)?
A It is in ferlykjend ferbân.
B It is in konkludearjend ferbân.
C It is in tsjinstellend ferbân.
D It is in útlizzend ferbân.
- 1p **20** Wat docht Hanneke de Jong om rekken te hâlden mei saakliker ynstelde bern?
- 1p **21** Hanneke de Jong wol as skoalskriuwer foaral it moaie fan taal sjen litte oan bern.
→ Wêrom fynt sy dat wichtich?
- 1p **22** “As skoalskriuwer mei ik ek ien kear mei de leararen oan it wurk. Dy haw ik lêstendeis de opdracht jûn foar sa'n ferhaal.” (rigels 107-111)
→ Wat bedoelt Hanneke de Jong mei ‘sa'n ferhaal’?
- 1p **23** Wat wie neffens alinea 8 de oanlieding foar Hanneke de Jong om it boek oer ADHD te skriuwen?
- 1p **24** Wêrom wie de Fryske ferzje fan Hanneke de Jong har boek better as de Nederlânske?

- 2p **25** Wêrom is Hanneke de Jong neffens alinea 8 bliid?
Neam de twa redenen.

De volgende inleiding hoort bij de vragen 26 tot en met 28.

De tekst kin rûchwei ferdield wurde yn 4 parten:

- Part 1: De persoan Hanneke de Jong
- Part 2: In nije ûntjouwing
- Part 3: Fantasy en gefoelens
- Part 4: Hoe't it boek ta stân kaam

- 1p **26** By hokker alinea begjint part 2?

- A alinea 2
- B alinea 3
- C alinea 4
- D alinea 5

- 1p **27** By hokker alinea begjint part 3?

- A alinea 4
- B alinea 5
- C alinea 6
- D alinea 7

- 1p **28** By hokker alinea begjint part 4?

- A alinea 5
- B alinea 6
- C alinea 7
- D alinea 8

- 1p **29** Ferklearje de titel “Ik wol it hiele bern hawwe”.

Tekst 3 Ferbûn oan Fryslân

- 1p **30** Wat is de haadgedachte fan alinea 1?
- A Frysk as memmetaal hawwe is bysûnder.
 - B In Frysk aksint heart by dyn identiteit.
 - C It is handich om it daliks te sizzen datst Frysk bist.

- 1p **31** Hokker útspraak oer alinea 2 is wier?
- A De skriuwster wol in ferliking meitsje mei Papoea-Nij-Guinea.
 - B De skriuwster wol oanjaan wat se moai fyt oan Fryslân en it Frysk.
 - C De skriuwster wol sizze dat se leaver op Papoea-Nij-Guinea berne wie.
 - D De skriuwster wol útlizze wat de Fryske kultuer ynhâldt.

- 1p 32 "Dat fyn ik allegearre sa by de Fryske taal en kultuer passen."
(rigels 40-42)
→ Sitearje it tekstpart dat antwurd jout op de fraach: Wat past neffens de skriuwster allegearre by de Fryske taal en kultuer?
- 1p 33 "Wanneer't ik yn Grinslân bin en ik hear minsken sizzen dat der neat boppe Grinslân giet, dan is myn reaksje altyd: "Der giet wol wat boppe Grinslân, nammentlik Skiermûntseach en by myn witten heart dat noch altyd by Fryslân". (rigels 47-54)
Wêrom seit de skriuwster dat?
A omdat sy fan betinken is dat minsken út Grinslân de feiten net kenne
B omdat sy minsken út Grinslân mei in grapke teplak sette wol
C omdat sy net begrypt dat minsken út Grinslân hiel wat oars bedoele
- 2p 34 Yn alinea 3 fertelt de skriuwster oer har ûnderfiningen mei it Frysk op fakânsje.
→ Jou oan hokker twa ûnderfiningen oft dat binne.
- 1p 35 "Sa liket it wol dat ik hiel Frysk-nasjonalistysk bin" (rigels 86-87)
Wêrom soene minsken dat tinke kinne?
omdat de skriuwster
A fan de Fryske taal, kultuer en it lânskip hâldt
B it wichtich fynt dat minsken har mei har aksint akseptearje
C oare minsken graach mei it Frysk platsmyt
D wol dat Fryslân as in ûnôfhinklik lân funksjonearret
- 1p 36 Sitearje de sin út alinea 4 dêr't de skriuwster har stânpunt oer de mooglikheid fan Fryslân as selsstannich lân yn jout.
- 1p 37 Wat is it ferbân tusken de alinea's 4 en 5?
A It is in ferlykjend ferbân.
B It is in oanfoljend ferbân.
C It is in oarsaaklik ferbân.
D It is in tsjinststellend ferbân.
- 1p 38 Wat is de wichtichste útspraak dy't de skriuwster yn alinea 5 docht?
A De Friezen foarmje tsjintwurdich gjin echte mienskip mear.
B De Nederlânske ynfloeden yn Fryslân wurde hieltyd grutter.
C It is wierskynlik net helber om it Frysk Frysker te meitsjen.
D It Nederlânsk yn it Fryske ûnderwiis moat ôfskaft wurde.

- 1p **39** Yn hokker alinea('s) freget de skriuwster har ôf oft Fryslân selsstannich as lân funksjonearje kin?
- A yn alinea 3
 - B yn de alinea's 3 en 4
 - C yn alinea 4
 - D yn de alinea's 3 en 6
 - E yn de alinea's 4 en 6
 - F yn alinea 6
- 1p **40** Wat docht de skriuwster yn de lêste alinea?
- A Sy docht in foarsizzing.
 - B Sy docht in oprop.
 - C Sy jout in gearfetting.
 - D Sy jout nije ynformaasje.
- 1p **41** Watfoar soarte tekst is dit?
- A in fiktyf ferhaal
 - B in fraachpetear
 - C in kollum
 - D in nijsberjocht

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.